

# PARSEBERJOCHT

6 april 2016

## Nije útdaging by Sjongfestival foar bern

**Bern fan ferskate Fryske basisskoallen litte nije wike harren sjongtalint hearre yn de foarrondes fan it Sjongfestival foar bern. Nij dit jier is dat skoallen ek meidwaan kinne mei in selsskreaun nûmer. En dat falt yn 'e smaak want mear as de helte giet dy útdaging oan. De acht bêste optredens fertsjinje in plak yn de grutte finale op 20 maaie yn de Lawei yn Drachten.**

Oan it Sjongfestival foar bern kinne skoalbern út groep 6, 7 en 8 fan basisskoallen út Fryslân meidwaan. De foarrondes fine plak op moandei 11 april yn Glinstra State yn Burgum, tiisdei 12 april yn It Haske op 'e Jouwer en freed 15 april yn it Dielshûs yn Wommels.

Skoallen kinne dit jier sawol mei in besteand nûmer as mei in selsskreaun nûmer meidwaan. De bern komme mei kreative fersys, sa hat De Bonkelder út Wytmarsum de tekst 'Wyske is op Frans' skreaun op 'Sexy als ik dans' fan Nielson en dogge de bern fan de T.J. Roordaskoalle út Wytgaard mei mei in nûmer fan doarpsgenoat Jelle B. Sy hawwe in nije tekst skreaun op it nûmer 'Simpel'.

By it Sjongfestival foar bern giet it der fansels om wa't it moaist sjonge kin, mar de sjuery sjocht ek nei hoe't it liet op de planken setten wurdt. De sjuery fan de foarrondes bestiet dit jier út Carin Seegers, Rodney Elzer en Grytsje Melchers. Yn de finale op 20 maaie stride de skoallen om de wikselbokaal: De Karin de Jong-priis.

It Sjongfestival foar bern is in inisjatyf fan Cedin Taalsintrum Frysk, Afûk, Keunstwurk en Omrop Fryslân en wurdt ienris yn de twa jier organisearre. It Prins Bernhard Cultuur Fonds, Stichting Woudsend, De Stichting Herbert Duintjes Fonds, Boersma-Adema Stichting en de Lammert Koopmans Stichting stypje it Sjongfestival mei in finansjele bydrage. SAKO is pinfierder fan it Sjongfestival foar bern.

---

### **Noat foar de redaksje:**

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 78 76.

# PERSBERICHT

6 april 2016

## Nieuwe uitdaging bij Sjongfestival foar bern

**Kinderen van verschillende Friese basisscholen laten volgende week hun zangtalent horen in de voorrondes van het Sjongfestival foar bern. Nieuw dit jaar is dat scholen ook mee kunnen doen met een zelfgeschreven nummer. En dat valt in de smaak want meer dan de helft gaat die uitdaging aan. De acht beste optredens verdienen een plaats in de grote finale op 20 mei in de Lawei in Drachten.**

Aan het Sjongfestival foar bern kunnen schoolkinderen uit groep 6, 7 en 8 van de basisschool uit Fryslân meedoen. De voorrondes vinden plaats op maandag 11 april in Glinstra State in Burgum, dinsdag 12 april in It Haske in Joure en vrijdag 15 april in It Dielshûs in Wommels.

Scholen kunnen dit jaar zowel met een bestaand nummer als met een zelfgeschreven nummer meedoen. De kinderen komen met creatieve versies, zo heeft De Bonkelder uit Witmarsum de tekst 'Wyske is op Frans' geschreven op 'Sexy als ik dans' van Nielson en doen de kinderen van de T.J. Roordaschool uit Wytgaard mee met een nummer van dorpsgenoot Jelle B. Zij hebben een nieuwe tekst geschreven op het nummer 'Simpel'.

Bij het Sjongfestival foar bern gaat het er natuurlijk om wie het mooist kan zingen, maar de jury kijkt ook naar hoe het lied op de planken wordt gezet. De jury van de voorrondes bestaat dit jaar uit Carin Seegers, Rodney Elzer en Grytsje Melchers. In de finale op 20 mei strijden de scholen om de wisselbokaal: De Karin de Jong-prijs.

Het Sjongfestival foar bern is een initiatief van Cedin Taalsintrum Frysk, Afûk, Keunstwurk en Omrop Fryslân en wordt een keer in de twee jaar georganiseerd. Het Prins Bernhard Cultuur Fonds, Stichting Woudsend, De Stichting Herbert Duintjes Fonds, Boersma-Adema Stichting en de Lammert Koopmans Stichting steunen het Sjongfestival met een financiële bijdrage. SAKO is penvoerder van het Sjongfestival foar bern.

---

### **Noot voor de redactie:**

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 78 76.